

Steatefraksje FNP
t.a.f. dhr. J. Kramer
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Leeuwarden, 25 mei 2007
Verzonden,

Ons kenmerk : 697462-a
Afdeling :
Behandeld door : S.J. Terpstra / (058) 292 58 21 of s.j.terpstra@fryslan.nl
Uw kenmerk :
Bijlage(n) :

Onderwerp : fragen tydlike húsfesting

Rju achte hear Kramer,

Nei oanlieding fan jo fragen oer de tydlike húsfesting en it projekt Bouwurk ûntfange jo hjirby ús antwurden:

- 1. Is it krekt dat der nei it opsizzen fan har kontrakt mei de Provinsje troch projektlieder foar it projekt Bouwurk ûnderwilens in nije projektlieder oansteld is?*

Ja, lykas jo fan ús ferwachtsje ha wy nei it fertrek fan de projektlieder foarsjoen yn in opfolger foar dit foar de provinsje sa wichtige projekt. Sûnt begjin april is de hear Stevens ynhierd as tydlik projektlieder. Op 24 maaie nimme wy op basis fan in trije tal offertes in beslút hokker buro (dan wol persoan) it projektliederskip oernimt.
- 2. Is it – wêrby wy refereare oan eardere berjochtjouwing oer de projektlieder Tydlike Húsfesting – krekt dat ek de nije projektlieder Bouwurk heart ta de persoanlike relaasjekring fan de Algemien Direkteur?*

De hear Stevens wie beskikber en boppedat foaral geskikt foar de funksje. Hy en Wi-bier kenne inoar funksioneel.
- 3. Hokfoar taryf is krekt ôfpraat foar de nije projektlieder Bouwurk (opbou fan salaris + detasjerings- en oare kosten)?*

De hear Stevens rekkent € 150,- it oere (eksklusyf btw mar ynklusyf reis- en ferbliuwskosten).

4. *Is dat taryf mear of minder as dat fan de doetiidske projektlieder?*
It taryf sit op it selde nivo as de doetiidske projektlieder.
5. *Nei oanlieding fan de berjochtjouwing oangeande de doetiidske ynterimmanager CBO is sein dat syn taryf 'marktconform' wie. Fine DS dat in terjochte konstatearring?*
Ja, de konstatearring is terjochte dat it in taryf marktconform is.
6. *Wat is, objektyf besjoen, yn dit segmint krekt in marktconforme priis (graach oantoe-ne mei foarbylden)?*
As jo kwaliteit ha wolle en jo helje dat op ynterimbasis yn hûs dan moatte jo rekken hâlde mei tariven tusken de 120 en 180 euro it oere. Dat jildt foar ferskate swiere funksjes op it hegere nivo, lykas tiimliederen en spesjalistyske adviseurs yn bygelyks de ûnderwiis as de sivyln technyske hoek.
7. *Wat binne de mooglike finansjele gefolgen foar de Provinsje as bewiisd wurde soe dat de Provinsje by ynhier fan treden bewust de jildende (Europeeske) oanbestegingsregels net yn acht nommen hat?*
In it slimste gefal kin de Europeeske kommisje in boete oplizze, de hichte derfan is net bekend.

Mei heechachtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. E.H.T.M. Nijpels , foarsitter

mr. J. Wibier , sekretaris

drs. E.H.T.M. Nijpels,

Commissaris van de Koningin in de provincie Fryslân

<<[Selecteer bezwaarclausule](#)>>